# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

| | |
|---|---|
| Yntsjinner:<br>FNP, Sybren Posthumus<br><br>Mei-yntsjinner(s): | |

| | |
|---|---|
| Moasje nr. | |
| Paraaf | |
| Wurklistpunt | |
| Beslút | |

**MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde**

| | |
|---|---|
| Steategearkomste | 17 juny 2020 |
| Wurklistpunt | 07. Bestjoersoerienkomst slûs Koarnwertersân |
| Koarte titel fan de moasje | Fargeul rjochting Harns |

De Steaten, yn gearkomste byien op de 17e fan simmermoanne 2020

heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat

- ûndernimmers yn de seehaven fan Harns ek yn de takomst in goede berikberens fan harren haven hawwe wolle fia ‘De Boontjes’
- der no ek in haadfarwei rint fia De Boontjes en Harns rjochting Noardsee

oerwaagjend dat

- Yn it ‘eindconcept’ fan de bestjoersoerienkomst op de taheakke kaart de westlike rûte in hegere status hat en dat dat betsjut dat prioriteit jûn wurdt oan de rûte rjochting De Helder as de skippen ienkear op de Waadsee oankommen binne,
- De geul rjochtsôf nei Harns, fia De Boontjes, oantsjutten is as in ‘ondergeschikte vaarweg’.
- Yn de seehaven fan Harns in soad bedriuwen fêstige binne dy’t in grut belang hawwe by de hannel fia de Iselmar
- It Van Harinxmakanaal mei de nije klasse V ek goed berikber wêze foar it Fryske en Grinzer achterlân, en boppedat ek by kalamiteiten brûkt wurde moatte kin

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- der by it Ryk/RWS op oan te stean om by it foltôgjen fan de nije sluzen by Koarnwertersân rjochting Noardsee in rûte oer ‘De Boontjes’ te hawwen dy’t minimaal deselde status hat as de ‘westlike’ rûte fia De Helder

en gean oer ta de oarder fan de dei

| | |
|---|---|
| Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hântekening) |

MOASJE

| | |
|---|---|
| | FNP, S. Posthumus |